


3-1-79

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Wyke Blanksma-v.d. Witte, till. 9487
 Sytske Dijkstra-Bouwhuis, ,, 2968
 Rients van Buren, ,, 9280
 Marten Kikstra, ,, 9269
 Jan Dijkstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dijkstra-v.d. Meer

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Ljouwert

REDAKSJEADRES: Sylroede 5

BANKRELAEESJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.
 Rabobank Bolsward, rek.nr. 3087.56.800 t.n.v.
 It Skieppesturtsje, Tjerkwerd.

.....
FOARWURD:

It jier 1979 is foar mannich Tsjerkwerter wer âlderwetsk ynset. De Trekfeart wie sterk, dus dat waard riden. Hwat haww' we it gesellich hawn mei al dat hurdriden en dan net to forjitten de priisútrikking yn it "Waltahús" dernei, hwer't we meinoar lekker waerm wurde koene mei in Berenburgje of soksahwat. Der wiene sels minsken, dy't harren al ré makken foar in âlvestêdetocht. In âlde jaeger-ûnderbroek fan pake, in krante efter de trui, it koe wêze. Spitich genoch koe it net wêze, mar as jo de kenners hearre, is de winter noch lang net foarby. Wy hawwe yntusken ek wer in nije skieppesturt yn ús doarp. Wy tinke, dat jimme it allegearre hwat mei ús iens binne, dat dit Freark Schakel wurden is. De Skieppesturt hinget al by him foar it rût.

Wy hoopje op in moai jier meiinoar, en as jimme kopy hawwe dan graech foar 1 april ôfleverje by de redaksje.

W.B.

=====

DOARPSBILANG:

It bistjûr fan doarpsbilang freget foar ús doarp in nije korrespondint foar de Boalserter krante. De lêste, net al to aktive korrespondinte wie Henny Leicht en dy binne wy al hast forgotten. Us nije man/frou moat alle nijtsjes gearswylje en trochjaen oan de krante. Der stiet ek in skiterich "honorarium" tsjinoer, mar Jo moatte eins út idealisme foar ús doarp Tsjerkwert tahappe. Hwa? Oanmeldingen oan ús skriuwster Janny Poelstra, Sylroede 2.

It foltallige bistjûr hat koartlyn gearwest oer in adfys fan 'e Wenningboustifting (Singel 13) en in gearkomste oer de flearmûzen yn 'e herfoarme tsjerke. De fryske forianing foar fjildbiologie; de herf.tsjerke en doarpsbilang sille mei har trijen in gearkomste bilizze, hwer 't pref. dr. Voute sprekke sil oer de kysûndere flearmûze-koloanje yn Tsjerkwert (unyk yn Europa!!). Dizze joun wurdt, sa 't it nou stiet, hâlden op moandei 5 maart 1979. Forsit dizze joun net!

Us beide bistjûrsleden, Janny Poelstra en Wyke Blanksma; binne nei de iepening fan de fototentoanstelling yn de Nynke-pleats yn Piaem west. Der hingje ek in pear moaije foto's fan Tsjerkwert en it is tige de mucite wurdieh om dêr ris to sjen.

De strjitforljochting hat tige ús oandacht hawn, mar nou binne der al wer in pear stikken. De "leave jeugd" fan Tsjerkwert is net alhiel ûnskuldich en dat is spitch, hwant de âlderein wurdt sa dupearre. Dit kin fansels net, ôfpraet? Moai sa!

Bejaardensoos Tjerkwerd-Dedgum:

18 Oktoberr1978 was de eerste keer in dit seizoen, dat we weer bijelkaar kwamen in it Waltahús te Tjerkwerd. Een spel-kompetitie werd gespeeld met speérwerpen, de kegelbaan én sjoelen. Een middag, waar je nou niet eens op je stoel blijft zitten en je opmerkingen bij de verrichtingen van een ander nog eens kwijt kan. En dan nog de prijsjes, waar je mee naar huis kan gaan.

21 November werden we uitgenodigd door de bejaardensoos in Bolsward. In de Doele trad Tetman de Vries en zijn vrouw voor ons op. Een zeer geslaagde middag. We zijn blij, dat mevr. de Boer ons niet vergeet, want we krijgen altijd een programma, dat voor ons als kleine groep niet te verwezenlijken is, zodat we de uitnodiging, die we jaarlijks van Bolsward krijgen, altijd met beide handen aannemen.

14 December waren we weer onder ons. Deze keer werden we gastvrij ontvangen door de heer en mevr. Feitsma in de consistorie te Dedgum. Mevr. C. Postma-Heeres liet dia's zien en vertelde erbij over haar reis naar Israël.

De heer de Jong vertelde, dat mevr. Schakel (Sylroede) bereid was gevonden om gymnastiek te geven. Er gaven zich meteen genoeg mensen op, om het door te laten gaan, zodat vanaf 10 jan. iedere woensdagmiddag om 2 uur in it Waltahús een enthousiaste groep, onder haar leiding, aan het sporten is. Deze gymnastiek is niet gekoppeld aan de soos-middagen. Al kom je nooit op deze middagen, je kan toch wel aan de gymnastiek meedoen. De heer R. de Jong en de heer Rozenstok uit Dedgum, zijn de enige mannen in de groep; U zult begrijpen, dat ze het zwaar te verduren hebben en wat versterking voor hun is alleen maar fijn.

17 januari was de eerste middag in 1979; dat was ook weer een spelmiddag.

14 februari a.s. is het de bedoeling, dat we naar Parrega gaan, naar de bejaardensoos daar en die brengen ons dan later weer een tegen-bezoek. Op deze middag komt Atje Keulen-Deelstra vertellen over haar schaatscarrière. Zo gaan we deze winter nog wat door en wie zin heeft in wat gezelligheid en beweging, sluit zich bij ons aan. Van harte welkom!

De kommissie hiervoor: De dames J. Hijlkema-Schakel, Baburen; H. Kooijenga-Hoekstra, Waltaweg; C. Postma-Heeres, Arkum; S. Buwalda-Posthumus, Eemswoude.

SPORTNIEUWS

De gymclub draait helaas niet helemaal naar wens. Met de damesgroep gaat het prima, maar de andere 2 groepen laten het wat afweten. Het is nu een paar keer voorgekomen, dat er hooguit 4 gymnasten kwamen opdagen.

Het spreekt vanzelf, dat dit niet zo door kan gaan en dat de gymleidster dán beter thuis kan blijven.

Dit heeft ze gedaan óók, maar toen was het ijzige weer de spelbreker en kon ze wegens de gladde weg niet komen.

Het gaat om de groep van 18.30 uur en de groep van 19.30 uur.

Wanneer er nog te weinig deelname blijkt te zijn, stoppen deze lessen per 1 maart a.s. Dus, als je je opgegeven hebt, ook zoveel mogelijk proberen te komen!!!

In november j.l. is kontakt geweest met de gemeente over huur van de sporthal in Makkum. Dezd was toen al niet eerder te krijgen dan eind april. En omdat dan zo ongeveer het zomerseizoen begint, wordt de sportdag in "Maggenheim" verschoven naar de herfst van dit jaar.

Maar zover in het seizoen zijn we gelukkig nog niet.

Binnenkort is er een jaarvergadering, maar daarvan volgt nog nader bericht.

Het bestuur.

.....

BOARGERLIKE STAN:

Ule en Hiltse Haarsma-Lootsma (fan it pleatse-like leanbidriuw) hawwe op 19 jan. in jonkje krigen. Syn namme is TJEERD. Dochter Ineke is der tige wiis mei.

Wy wolle jo hjirby hertlik bi-tankje foar de lokwinsken, blommen, taerten en kado's, dy 't wy by de berte fan PETER hawn ha.

Geert en Rika.

IN STIKJE DOARPSLIBBEN

Hjir, yn dit lytse doarpke Tsjerkwert,
der giet it soms ek nuver ta.
Ik sil jim ris in grap fortelle
hoe bryk as feinten it wol ha.

It wie yn 't skoft, sa fuort nei iten
-en soks bart yn de doarpkes mear-
dan stiet sa middeis by de brêge
faek jong en âld yn drok petear.

Dan wurdt fan alles dêr forhelle,
't komt by sok praet faek net sa krekt.
Mar sjoch, elts kin soks wol bigripe
ek faken dat 't oan nijs ûntbrekt.

Dan moat men wol hwat oars bitinke,
en hear, hjir komt it grapke dan:
Twa biezen leinen yn in karre
to dreamen....., ja, wit ik hwerfan?

Twa baren, dy 't dat spantsje seagen,
dy seine: -Nou, dat liket skoan,
sille wy de "hearen" efkes ride?
Eh, toe mar je en it gyng oan.

Mar ha je ea soks fan jo libben
-men fleach fan kjeltme hast út 't fel-
de karre mei de beide sliepers,
rydt men samar yn 't wetter del.

En daliks wie it kopke ûnder,
dêr yn 'e trekfeart stie wol sop.
En 't dreamen wie harren gau bkommen,
hoe krigen se 't ek sa yn 'e kop.

Mar sjoch, ik toch al, wacht mar bazen,
dit brekt jimm' grif noch nuver op.
Hwant sjoch, dy dreamers binn' gjin dreamers,
se laken beiden hjar hast slop

Har tinzen wierne grif deselde
en elts wit wol hoe as soks giet.
It wurdt har fêst werom bitelle,
hwant wraek is ommers o sa swiet.

En ja, it duorre mar in skoftsje...
Ien fan de riders siet mei nocht
hast op itselde plak to fisjen,
allinne de dobber, dêr 't er oan tocht.

En plof, der lei er sa to wetter.
Op sokken sloep "de Wraek" him nei.
Hy prûste en blaesde as in kikkert,
fordwoun alhiel yn 't wetter wei.

In skoftke letter rounen beide
yn drok petear wer neist elkoar.
Se praten wer as echte freonen,
hwant lêst komt net by harren foar.

Nou is fansels de bar oan d'oare,
hwant 't is as de dei sa klear,
't sil net safolle dagen duorje:
to wetter giet er grif in kear.

It wie in grap, der is om lake.
Dochs is myn rie, oerdriuw soks net;
in grap -hoe moai- hat ek syn mjitte,
in grap hat faek kwea bloed wol set.

Tsjerkwert, juny 1932. H. Feenstra.

Dit gedicht hat yn de Boalsenter krante stien.

Personen wiene:

De feinten yn ' karre: Jan Oostenveld, Klaas Schukken.

De rider en fisker: Harmen de Boer.

De oare rider: Bote de Boer.

De hear H. Feenstra wie doe de polysje fan it doarp.

Plak fannbarren: it Plein en de Kade.

Bote is in pear jier letter, as de spuit by de hea-
broei fan Klaas Galama, healwei Blauhûs, wie, as lette
wraek yn in lânsleat smiten.

=====

Rijvereniging "De Marneruters" te Bôlsward en omgeving en Manege Maurix:

Onlangs is er een rijvereniging opgericht, zoals de
meesten van u wel in de Bolswarder Courant konden lezen.
Ook heeft u de grote overdekte manege aan de Bolswarderweg
wel zien staan. Wij, als Tjerkwerders, moeten natuurlijk trots
op zoiets zijn, want lang niet ieder dorp of stad heeft een
manege. De familie Maurix heeft dit aangedurfd, daar er steeds
meer mensen hun ontspanning in de paardensport vinden.

Wanneer je op een paardenrug zit en je begint met de
dressuur, dan vergeet je alle problemen, moeilijkheden enz.;
dan ben je intens bezig met dit dier. Enkele dorpsbewoners
hebben zich al opgegeven als lid van de Marneruters, maar als
rijvereniging kunnen we veel meer leden gebruiken. Hoe meer
leden, des te goedkoper het voor de rijdende leden wordt. Dan
kan ieder een kans krijgen om deze geweldige sport te beoefenen.

Komt u eens op een woensdagavond naar de kantine; daar
kunt u koffie, slaatjes etc. krijgen en tevens kunt u genieten
van de paardensport. Ook zaterdag 's morgens wordt hier pony
gereden. Zoals de meesten wel weten, is er een grote ponyclub,
"De Hânzeruters" te Bolsward. Hier zijn ook al kinderen van
ons dorp, die op hun pony naar les toegaan.

Wanneer je eenmaal met pony- of paardrijden begonnen bent,
weet je dat je er moeilijk meer mee kunt stoppen. Wat hebben
we liever: de kinderen en ouderen in de sport of in een bar?
Geeft u zich toch op als lid (dan krijgt u ook het contact-
blaadje "Hynstegraet") of als donateur. Dit is mogelijk bij:
Tiny Hijlkema-Jukema of op woensdagavond bij de heer B. Ydema.

Tot ziens in de Manege Maurix,

T.H.

-0-0-0-

VRIJHEID

Waar in de wijde wereld is adel
zonder hoogmoed?
Waar vriendschap zonder afgunst?
Waar schoonheid zonder ijdelheid?
Hier, waar lief talligheid zich paart aan kracht
en de sterkte beteugeld wordt door zachtmoedigheid.
Het diende ons immer zonder knecht te zijn.
Het kampte immer zonder vijandschap.
In zijn vertrouwen ligt zijn macht over ons,
in het geduld de teugel der vrijheid.
Op zijn rug droeg het onze geschiedenis.
Wij zijn erfgenamen.
Het erfgoed evenwel is het zelve,
het Paard.

+++++++

1922 "EENSGEZINDHEID" 1979

De koekeaksje "W.K." 1978 is al wer in moaije set efter de
rêch en foar de measten forgetten.
Mar dirigent en leden fan it korps priuwe der eltse wike
noch swiet oan, hwant it greatste part fan 'e opbringst is
brûkt foar de oanskaf fan in nije "sopraan-saxefoan",
bispile troch Sietske Wiersma-Draaijer en ankoft by
fa. v.d. Glas út Hearrenfean. Sa'n saxefoan wurdt ôfleverre
mei in koffar. Dit lei mei de ^{nije} greate trom oars - "bispile"
troch Siep Hiemstra - dêr moast noch in kiste bymakke wurde
foar opbergjen en skandelisearjen tsjin to gean.
Fa. van Zuiden út ús doarp, hat in pracht kiste makke en
gratis oan it korps jown. Hjirfoar ús hertlike tank!

Akke de Haan hie de kwitânsjes wer klear en sa binne we
wer by de donateurs lâns west om de jierlikse bydrage.
It lidmaetskip is ek noch hwat omheech gien; dat de ynwen-
ners dêr begrip foar hiene, stelle we tige op priis.
Tagelyk ha we sjoen, der nije donateurs by to krijen, dat
slagge tige! Sil it korps bistan bliuwe, dan moatte we
allegearre in stientsje bydrage.

Ek wolle wy by dizzen, alle ynwenners fan "Tsjerkwert en omkriten" útnoegje om de muzykútfiering, dy 't hâlden wurdt op 10 febr. o.s., jouns om 7.45 ûre, yn it Waltahús, mei to meitsjen. Ekstra oandacht sil bistege wurde oan de opstelling fan 'e muzikanten.

Hjirby wol 'k it leauw'k mar litte, oars bliuwt der foar de foarsitter neat oer.

Oant sjen op 10 febr.

W. van A.

.....

Berichten van de Dorpsomroeper:

Nu wij als dorpsgenoten gezamenlijk weer waardig de drempel van 1979 zijn overschreden, gaan mijn gedachten al weer: wat zullen wij er met zijn allen van maken in het nieuwe jaar. Tegen een ieder zou ik dan oök willen zeggen: als het mogelijk is, zet u dan ook geheel en al in voor de Dorpsgemeenschap, ook al omreden, dat een tuitenstaander nooit en ook nimmer zal kunnen zeggen: ze stonden er maar wat bij en keken ernaar. Oftewel zoals destijds Kaïn twijfelachtig zei: "Ben ik mijn broeders hoeder"?

Voor mij persoonlijk is het nieuwe jaar wel zeer voor-
spoedig begonnen. Vooral wat betreft de begeerde trofee, ofte-
wel de Skieppesturt, die ik in ontvangst mocht nemen. Geweldig!
Ook nog veel dank aan onze plaatselijke fotograaf, die het
toch maar weer even klaarde om dit als nieuws, en nog wel op
de voorpagina van het B.N., de omliggende regio binnen enkele
dagen bekend te maken.

En dan nog de vele vrienden, die een felicitatiekaart stuurden,
ter ere van de 1ste januari en de dag daarop van de T.V.-
uitzending. Nogmaals allen hartelijk dank hiervoor!

Genoeg hierover; wij gaan weer over tot de orde van de
dag. Nu wij zo langzamerhand het voorjaar weer naderen, wil ik
de H.H. eierzoekeers weer veel genoeg en geluk toewensen, als
u het veld betreedt. Vooral de brildragers onder u: laat tij-
dig uw glazen bijstellen en laat vooral de verrekijsker thuis!
Bind de strijd met de kievit sportief aan.

Vervolgens zal er zich dit a.s. voorjaar een nieuwe ver-
aandiening hier ter plaatse, nl. Ver. v. Volkstuinders.

De naam heb ik al bedacht, dus geen prijsvraag of i.d. Ik dacht zo van "De Broederschap". Later zou men zich nog wel landelijk kunnen organiseren, als daar behoefte aan zou bestaan.

Verder, wat de a.s. tuinwedstrijd 1979 betreft, daar kunt u in het volgende no. meer over lezen. Wel wil ik u melden, dat aan de prijzen 2 Zilveren rozen zijn toegevoegd en dat de kas een batig saldo vertoont.

Het laatste bericht, dat mij nog maar enkele dagen geleden bereikte en misschien voor velen onder u nog wel het belangrijkste, nl.: op één van de eerste zondagen van april, zal het u allen welbekende Westlands Mannenkoor o.l.v. P. Struyk hier een bijdrage leveren, naar alle waarschijnlijkheid. En de besprekingen, naar ik hoorde, zijn dan ook bijna rond, zal het de 1ste zondag in de morgendienst zijn. Een aantal jaren geleden verleenden zij nog hun medewerking in de T.V.-productie "De Glazen Stad", de meesten onder u zullen zich dat nog wel herinneren. Met dit bericht voelde ik mij verplicht, dit tijdig te melden, ook al omreden met gedane en nog te maken afspraken op bovengenoemde datum.

Al met al is hiermee de koek (en gegn kleintje) nog maar nauwelijks aangesneden.

Allen goede tijden toegewenst,
de Dorpsomroeper.

.....

Wy wolle eltsenien ek hertlik
tanksizze foar alle lokwinsken,
kaerten en presintsjes, dy 't
wy nei de berte fan SJOUKJE
krigen ha.

Jehannes, Sytske
en
Marijke.

Ouders:

Na lang vergaderen e.d., hebben wij besloten voor het oprichten van een Creatieve Jeugdclub, elke maandagavond na 8 uur t/m 9.30. We hebben eerst eens bekeken, wat er aan materialen e.d. moest komen. Toen zijn we naar Sietse Bakker gestapt en gevraagd of er nog tijd vrij was en dat was er. Voorlopig is het in de bovenzaal van het Waltahús. Verder moest er ook animo voor wezen en dat was er ook.

We zijn op 15 januari na vergaderen en film over de ijspret, gestart met 9 leden - erg positief - hopelijk dat het zo blijft. Wij proberen er alles, maar dan ook alles van te maken. Op komst zijn: film over Bijenimker, Fotografie, het maken van een Discoposter en Maquette, Disco-middagen, akties e.d. Dit brengt natuurlijk kosten mee. De contributie is gesteld op f 1,-- per keer. Er zijn ook 3 giften binnen gekomen van elk f 25,--; een goed begin. De club is toegankelijk voor iedereen van 12 - 16 jaar. Meerdere giften welkom.

Namens de jeugdclub,

M. v.d. Wal en J. v.d. Stap.

BYDRAGEN binne kommen fan: D. Bakker, Waltawei; D. Walsma, Boalsert; Huub Witteveen, Boalsert; H. Schakel, Sylroede; R. de Jong, Tsjerkstrj.; Y. Gietema, Dedzjum; frou Hoekema, van Panhuysw.; frou S. de Jong Waltawei. Hertlik tank!

+++++++

Stichting "IT WALTAHUS":

Op sneon 17 febrewaris organisearret it bistjûr in machtige feestjoun yn it Waltahús.

It is de tiid fan it karnaval, de tiid fan frjemde klean en maskers. Goai Jo eigen masker ris ôf en kom nei dizze doarpsfeest-joun. Jo meije forklaid forskine (it moat net!), it bistjûr jowt it goede foarbyld. De moaiste kreaesje kriget fansels in pryske. Kom allegearre op dizze knotsgekke feestjoun, dan wurdt it wer beare-gesellich.

De dounsmuzyk komt fan "de Elka's". Jong en âld fan herte wolkom!

It Bistjûr.

Snypsnaren.

- bij Fokke Gietema is in swarte kat oanroun.
Signalement: swart mei wite sokjes, leaf. Fan hwa?
- bij Jan Blanksma is in oare kat oanroun.
Signalement: cypersk mei in wyt befke, leaf foar bern.
Hwa mist har ?
- Hille Schakel en Rients van Buren binne mei harren froulju to skieën west. Dat skieën is mei beide mánlju neat wurdich, hwant Hille hie de poat yn't gips en Rients de earm. Beide binne gelokkich wer aerdich opknapt.
- bij Jouke Hylkema is in skiep oanroun en dy boartet nou mei de houn. Sa kin't ek.
- immen hat ûnder it Nijjiersbal in tekken fan de motor-kap fan Yedema syn auto stellen. Hwa lei kâld dy nacht? Yedema tink.
- Pier Zijsling blaest ek wer mei de nije toskan !
- Binkje en frou Wyngaerden setten rinnende nei de kapper yn Blauhûs. Binkje wie al gau klear en frou Wyngaerden ornearre: wy sille op 'e té nei femylje yn Wolsum. Se kamen foar de tichte doar mar frou W. wie net forslein: wy rinne nei ús Sjoukje yn Nijlân. Nei de kofje op Boalsert oan en der krigen se beide hege need. Yn't "Diekje" hawwe se fijn efkes "sitten" en krigen sawier in lift nei Tsjerkwerd oanbean. Mar né... ek dat lêste ein waard rinnendewei ôflein. Hulde !
- ús Skieppesturt fan it Jier soe nei de bou om de lêste boerekoal, mar de hazzen wiene him al foar !
- fem. van der Wal forhuze fan de Singel nei de Sylroede. Se forgeaten in flesse Bokma, dy't yn de finster-bank stean bleau. Hwa foun him ? Ek dronken wurden?
- in doarpsgenoat gyng mei syn frou nei in Vivo-resepsje yn Meppel. Mei de trein. En och ...hoe giet dat op in resepsje. Werom op it stasjon waerû ús doarpsgenoat frege: gaat deze trein naar Groningen? Né, fansels net, dy giet nei Ljouwert. Us doarpsgenoat en syn frou stappe yn en prate oer dy domme keardel! De trein set útein en komt ynja, Grins! Se binne wer thúskaem, mar folslein forreizge !
- foar Jo aginda : 10 febrewaris mesykútfiering
17 febrewaris dounsjen (forklaeije
Jo Jo ek ?)
1 april kopy ynleverje !!!!!!!!!!!!!

[Handwritten signature]

